

Amendement FNP Frjentsjerteradiel / GroenLinks & ChristenUnie by de behandeling fan de maitiidsnota op 3 juli 2014

Underwerp: doarpsfisyfûns

Konstatearjend dat:

de leefberens in wichtich spearpunt fan belied is.
de doarpen aktyf mei de doarpsfisyfûns en útfieringsplannen oan de slach binne
de mooglikheden fan finansiering troch oare fûnsen beheind wurde
de aktive hâlding fan de doarpen behâlden wurde moat

Oerweagende dat der besunigingsmooglikheden binne (sjoch moasje oer skeppen fan wurk
oan de ûnderkant fan de arbeidsmerk)

Beslút:

De maitiidsnota fêst te stellen mei de folgjende wizigings:

- bydrage doarpsfisyfûns jierliks opheegje nei 190.000 euro
- kosten fan skjinmeitsje en katering te ferleegjen mei 60.000 euro.